

Tiede Roelofs Dykstra

Dútske folkswize
setting: Karst Dijkstra

1

O rôl - je oer bou en grei - den en wâl - den fier yn 't rûn. Fer -

6

spraat dyn blie - re klan - ken oer hiel de Frys - ke grûn! Tril -

10

je el - tse Fries yn de ea - ren, o gol - le Frys - ke sang; Wy

14

sill' dyn wi - zen sjon - ge ús hie - le lib - ben lang! Wy

18

sill' dyn wi - zen sjon - ge ús hie - le lib - ben lang!

Wat tiids tosk ek ferdylge of hompe yn iiv'ge rêst,
 wat wiks'let of feroaret, wy hâlde ús sprake fêst.
 Wy sill' as de âlden sjonge de golle Fryske sang;
 Syn wizen sille klinke ús hiele libben lang! (twaris)

Ja, sa lang beammen bloeie, sa lang it wyntsje waait,
 sa lang de gerskes tiere, sa lang de hoanne kraait,
 sa lang silstû ek klinke, o golle Fryske sang;
 Silst rôlje oer bou en greiden! Sa lang! sa lang! sa lang! (twaris)

ferspraat komt fan ferspriede
 hompe = delstjitte

Jan Geline van Blom

setting: Bernard Smilde

1

It lib - ben lêst my wûn - der skoan: Ik wyt fan gjin fer - triet; En

6

fan de moar - ne ta de jûn sjong ik al - tyd myn liet. En

10

kom - me soar - gen my be - nei, dan dûn - sje ik har gau út 'e wei. Ja,

14

't lib - ben lêst my wûn - der skoan: Ik sjong al - tyd myn liet!

Ik wyt net wat dy fammen skeelt,
dy't suchtsje dei oan dei.
As my it ien of 't oar ferfeelt,
dan sjong ik dat mar wei.
En as m' in frijer strikken spant,
dan sko ik dy mar gau oan kant.
Ja! 'k wyt net wat dy fammen skeelt;
Ik sjong de leafde wei.


It frije fûgeltsje yn it wâld,
dat sjongt en fljocht yn 't wyld
en oan gin ien him kepp'le hâldt,
dat is altyd myn byld.
As 't gealtsje jongen krijt yn 't nêst,
dan klinkt syn himellûd foar 't lêst,
ja! 't frije fûgeltsje yn it wâld,
dat is altyd myn byld.

56. Myn Tsjamke.

4

WALING DYKSTRA.

Andante.



- | | |
|---|--|
| 1. Op in win - ter - snein - to - joun | Hie 'k de re - dens ûn - der - boun, |
| 2. 'k Trof hjar oan dêr op 'e baen; | 'k Seach hwer 'thjar om wier to dwaen, |
| 3. Man - nich feint ried mei in faem, | Mar as 't yn 'e hol - le'm kaem, |
| 4. 'k Gyng mei hjar de her - ber - ge yn; | 'k Eas - ke dêr hwet bran - de - wyn; |
| 5. Tals - ma, Vos en Kas - te - lein | Wou - nen pri - zen fier en hein; |
| 6. Hja naem my bopp' al for kar; | 'k Hab it nou al klear mei hjar; |





1. 'k Ried yn twein - tich tel ef sa Nei 't Wols-mer kjet - ting ta. Dêr
2. En ik wier ek net sa slûch, Det 'k hjar myn hân net joech. Do
3. Ried er wer by de ie - ne wei En naem in oa - ren mei. Mar
4. Mar do 'k mei nei hjar - res ried, Do wier se earst op 'e tried. Do
5. Mar hwa riedt, hwet ik wol woun, Dy sel - de snein - to - joun? Ik
6. As de Mai - tiid komt yn 't lân For - bynt ús de ech - te - bân. Den



1. seach ik lyt - se Tsjam - - ke, Myn Tsjam - ke, Myn Tsjam - ke, Dêr
2. ried ik hwet mei Tsjam - - ke, Myn Tsjam - ke, Myn Tsjam - ke; 't Wier
3. ik ried mei myn Tsjam - - ke, Myn Tsjam - ke, Myn Tsjam - ke; En
4. frij - de 'k hwet mei Tsjam - - ke, Myn Tsjam - ke, Myn Tsjam - ke; Sêft-
5. woun it hert fen Tsjam - - ke, Myn Tsjam - ke, Myn Tsjam - ke; Ik
6. trou ik mei myn Tsjam - - ke, Myn Tsjam - ke, Myn Tsjam - ke; Den




1. seach ik 't ljeaf - ste fam - - ke, Dat ik ea kin - nen
2. swiid, ho ljeaf dat fam - - ke Hjar hân yn mi - nes
3. man - nich aer - dich fam - - ke Wier dat sa yn 'e
4. se - dich as in lam - - ke, Hwet praet - ten wy do
5. woun it ljeaf - ste fam - - ke Fen hiel de Frys - ke
6. trou ik 't ljeaf - ste fam - - ke Fen 't hie - le Frys - ke



1. ha.
2. sloech.
3. wei.
4. swiet!
5. groun.
6. lân.

p *f*




5 (Oept en Kekke)



'k Hjit Oept en bin in lyts ge-nier, 'k Wird



stramp-'lich al en âld. En ik bin Kek - ke,



Oept syn wiif, Syn oan-hâld yn 'e wrâld. Mar



dochs, al binn' wy al hwet stram, Wy



ha noch wol ús tier; En wy binn' út for



ús ple - zier En moatt' 'ris fen 'e

flier, ja, ja! En wy binn' út for

ús ple-zier En moatt' 'ris fen 'e flier!

- O. 'k Hjit Oept, on bin in lyts go'nier,
'k Wird stramp'lich al en âld.
- K. En ik bin Kekke, Oept syn wiif,
Syn oanhâld yn 'e wrâld.
- T. Mar dochs, al binn' wy al hwet stram,
Wy ha' noch wol ús tier; —
En wy binn' út for ús plezier } *Twaris.*
En moatt' 'ris fen 'e flier!
- O. Al is ús Sjouke goed en gol,
Hy barst net fen forstân;
- K. Mar Pierkje sjucht wol op him ta,
Liedt him mei 'n sêfte hân.
- T. Sa het de jonge it wol nei 't sin,
Al bringt er 't ek net fier; —
Mar wy binn' út for ús plezier } *Twaris.*
En moatt' 'ris fen 'e flier!
- O. Us Harke is mei syn kleare kop
It wûnder fen 'e wrâld;
- K. O, minsken, jimme witte net,
Ho 'k fen dy jonge hâld.

- T. Lid fen 'e keamer wirdt er grif,
 Dêr tsjin is gjin biswier. —
 Mar wy binn' út for ús plezier } *Twaris.*
 En moatt' 'ris fen 'e fier!
- O. Us Poai, sa'n lôge fen in faem,
 Krijt joun in frijer wis;
- K. In greate tuter het hja ljeafst,
 Dat haw ik, leau 'k, net mis.
- T. Ja, Poaike moat joun ek, as 't kin,
 'Ris mei in feint to bier; —
 Hwent wy binn' út for ús plezier } *Twaris.*
 En moatt' 'ris fen 'e fier!
- O. Sa seagen jimm' den al ús bern,
 En 'k leau, ek wol mei nocht;
- K. Mar dit wier stellich hjir net bard,
 Hie Oept gjin Kekke socht.
- T. Nê, hiene wy elkoar net foun,
 't Wier oergien, sikerwier; —
 Derom binn' we út for ús plezier } *Twaris.*
 En moatt' 'ris fen 'e fier!

(By it weromroppen.)

- O. Nou, Kekkeljea, hwet seist' er fen?
 Min ropt ús hjir werom!
- K. Ja, Oept, dat is in hiele ear!
 Hwa hie dat tocht, wol stom!
- T. Jimm' byfal docht ús, o sa'n goed,
 Nou laitsje wy sa blier. —
 Hwent wy binn' út for ús plezier } *Twaris.*
 En moatt' 'ris fen 'e fier;

(De lêste twa rigels wurde eltse kear dounsjende songen, sa goed en sa lvea as dat fensels mei âlde, stramme ljue giet.)

69. Yn 'e Snitser merk.

Master Jouke
(Tsjalling Hiddes Halbertsma).

Wize: O Bogchel gjt pareert altdj.

f = *as* *Molto vivace*

0 0 5 | 1 . 1 | 7 . 7 | 6 . 6 | 5 . 5 | 6 4

„Kom, Sets-lyef! kom, nou kea-mer op, Kom, lit ús

3 . 4 | 5 . 5 . 5 | 1 . 1 | 1 7 1 | 2 . 2 | 2 . 1 |

joun ris pat-sje! Dy stie de mû-le er lang al nei, Ik

7 . 7 | 6 7 6 | 5 . 5 . 5 | 2 . 5 | 1 7 1 |

seach it wol, myn skat-sje! Kom, faem, kom mei, sei

2 . . 0 0 5 | 2 . 7 | 1 2 3 | 2 . 0 5 . . | 1 . 1

Tsjerk, „Kom mei to Snit-ser merk. Hwoet scill' wy

1 7 1 | 6 . . 6 . 6 | 2 . 2 | 2 . 1 | 7 . 6 | 5 . 5 |

joun den skot-se. 'k Hab twein-tich skel-jen yn 'e bûs; Dy

3 . 3 | 3 2 3 | 1 . . 1 . 1 | 2 . 2 | 7 6 7 | 1 . 0 ||

ha'k fen om-ke Wat-se, Dy hat se by de rûs."

2. En Setske fleach him om 'e hals, | En hâldde as in kladde.
| „Ei famke!” sei er, „lit my los, | Oars pattest' my oan flar-
den.” | Dêrmei gong 't keamer op. | En Tsjerk sprong mei
syn pop. | Sjuch, feinten! sjuch hjar springen, | Hja lykje pûr
as yn 'e brân, | Hja dounsje as hokkelingen | To maitiid yn
it lân.

3. „To, spylman! doch nou mar dyn bêst, | Dou moast mar
fiks-op strike! | Fen dounsjen krij ik noait myn nocht, | Al
dûrret 't ek in wike. | Kom, Setsljeaf, kom mei foar! | Kom,
feinten, mei eltsjoar! | Hjir hospes, hjir moast' wêze! | Earst
moatt' w' in ynswiet sûpke ha, | Sok gûd kin my genêze, |
Us sûpe en waei bin 'k ba!”

4. „'k Moat simmers altyd yn it mêd | En winters yn 'e
groppe; | De kouwestirten bin 'k nou sêd, | Ik hâld it mei
myn poppe. | Kom, nou ris fen 'e groun! | Kom, fammen, kom
yn 't roun! | En is it jild forsprongen, | Den moatt' de hoed-
den fen 'e kop, | En oars for lege pongen: | Stryk op! stryk
op! stryk op!”

(Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1930, nr. 50.)

*Myn folk
hat fen in mounich deuntsje forlet,
for it bjinstap en it foarûnder.*

Fedde Schurer.

Widzesang fan 't seemanswiif

Piter Jelles Troelstra

wize: Tsjalling Eeltsjes Halbertsma

setting: Jan Liuwe de Jong Lsn.

1

Sliep sêft, myn bern - tsje, ei slom - je sa swiet!

simile

5

Heit is dêr bû - ten op 't skol - p'ri - ge wiet.

9

Swal - kjend yn rein en wyn dreau er fier wei.

13

Sliep sêft, myn bern - tsje, mem is dy nei!

Sliep sêft, myn bern - tsje, mem is dy nei!

(Instrument: Des útjere: itselde noatebyld mei fiif mollen)

Ynleave jonge, hoe glimkest sa blij?
 Dreamst fan in ingel, dy't wacht hâldt oer dij?
 Kypje mar blier nei har, glimkje tsjin mij.
 Ynleave jonge, mem is dy nei!
 Ynleave jonge, mem is dy nei!

No hast gjin soargen, mar gau komme hja:
 Ienkear moatst ek nei de wetterkolk ta.
 Dan moatst yn rein en wyn fier fan my wei.
 No hast gjin soargen, mem is dy nei!
 No hast gjin soargen, mem is dy nei!

Ynleave jonge, ast' swalkest op 't wiet,
 Kin 'k dy net hoedzje tsjin ûnk en fertriet.
 Ut dyn hert wyk ik net, al bin 'k ek wei;
 Ynleave jonge, mem bliuwt dy nei!
 Ynleave jonge, mem bliuwt dy nei!

Piter Jelles Troelstra

Finske folkswize
setting: Klaas Tjitte de Jong

1

Driuw no, myn boat - sje, driuw fleu - rich dêr hin - ne,

3

't wyn - tsje út it wes - ten triuwt dy sêft oer't wiet.

5

Goud - glân - zen struit oer de wea - gen de sin - ne,

7

klear blinkt de hi - mel en blier klinkt myn liet:

9

Jû - fal - de - ral - de - ra, jû - fal - de - ral - de - ra,

12

bring no, myn boat - sje, nei't fam - ke my ta!

Sjongende fûgels yn mieden en greiden,
 slomjende blommen wêr't de dau op blinkt.
 Brûzende weagen en waiende reiden,
 poarperen sinne, sa moai, wyl't hja sinkt.
 Jûfalderaldera, jûfalderaldera,
 wêr dat ik sjoch, winkt myn famke my ta!
 Jûfalderaldera, jûfalderaldera,
 wêr dat ik sjoch, winkt myn famke my ta!

Dêr yn dat pleatske yn 'e beammen beskûle,
 dêr is it sinneljocht, dat skynt foar my;
 Dêr bloeit myn blom op in kersreade mûle,
 dêr is myn wille en myn sin, myn Marij.
 Jûfalderaldera, jûfalderaldera,
 bring no, myn boat, nei dat pleatske my ta!
 Jûfalderaldera, jûfalderaldera,
 bring no, myn boat, nei dat pleatske my ta!

As yn myn libben de stoarmen faak rûze,
 as ek it tsjuster oer it wetter leit,
 as ek de weagen wyld skomje en brûze,
 'k wit fan gjin leed mei myn leaflike breid.
 Jûfalderaldera, jûfalderaldera,
 'k roei mei myn famke fol moed der op ta!
 Jûfalderaldera, jûfalderaldera,
 'k roei mei myn famke fol moed der op ta!

Waling Dykstra

setting: Jan Slofstra

1

Wat bis - to leaf - lik, ri - zen - de sim - mer - moarn! 't Op - gean - de

6

sin - tsje la - ket my oan. 't Hoan - tsje kraait: kû - ke - lû!

11

't Do - ke ropt: rû - kû - kû! Ik wol ek sjon - ge fleu - rich fan toan.

2. Alles wat libbet
docht der no sines by:
Fôltsjes en kealtsjes,
hynders en kij;
Guoskes, dy snetterje,
skiepkjes, dy bletterje,
lamkes, dy springe,
nuvere blij.

3. 't Ljurkje yn 'e wolken,
de eintsjes yn 't lizich wiet,
moskjes en sweltsjes,
elts sjongt syn liet;
De ea'barren klapperje,
ljipkes wjukwapperje;
Skries op 'e hikke,
ropt: grito-griet!

4. 'k Woe foar gjin gûne
dat 'k jit te sliepen lei,
't is my sa noflik
ier op 'e dei.
Protters, dy tsjotterje,
de eksters, dy skatterje,
alles is fleurich:
Ik bin it mei.

't lizich wiet = wetter mei lizen; ndl. lis
jit = noch

(Dokter Eeltsje' sankje)

wize: Piter Jelles Troelstra

setting: Bernard Smilde

Eeltsje Halbertsma

1

Rôl - je, rôl - je,

7

wet - ter - wea - gen, rôl - je en brûs om 't âl - de Grou!

13

Mi - ri - a - den foar ús ea - gen flea - gen, stau - wen

19

om ús Grou; Rôl - je, rôl - je ús foar - by!

25

Hur - de Frie - zen bliu - we wy! Hur - de Frie - zen

31

bliu - we wy!

2. Rôlje, polskje, Fryske weagen,
rôlje en wâlje om 't âlde Grou!
Brûs en wiggelje âlde weagen,
kroanje de âlde rûne trou!
Rôlje, wâlje, âlde Grou,
byld fan echte Fryske trou,
byld fan echte Fryske trou.

3. Heit en mem binn' hjir bedutsen,
berntsjes, twiichjes fan myn hert.
Suchten binne hjir ferbrutsen,
dy't myn God allinne heart.
Hiel myn libben fleach foarby,
âlde, trouwe Grou, by dy.
âlde, trouwe Grou, by dy.

4. Rôlje, rôlje, Grouster weagen!
Brûs en spiel jit om myn grêf;
Libjend koe 'k dy net besjonge,
spiel my deade wei as tsjêf.
Lit myn berntsjes leaf en frij
roeie en djoeie dan yn dy.
roeie en djoeie dan yn dy.

5. Rôlje, rôlje, wetterweagen,
rôlje en brûs om 't âlde Grou!
Miriaden foar ús eagen
fleagen, stauwen om ús Grou;
Rôlje, rôlje ús foarby!
Hurde Friezen bliuwe wy!
Hurde Friezen bliuwe wy!

miriaden betsjut hjir: grutte oantallen
jit = noch
tsjêf: ndl. kaf

Dr. Eeltsje Halbertsma (1797-1858) wie yn Grou berne en kaam dêr, nei syn stúdzje te Leiden en Heidelberg, as dokter werom. Hy wie in tige sportyf man, benammen de sylsport lei him tige heech. Yn it rôljen fan 'e wetterweagen belibbet er leaf en leed fan syn bestean; hy hie yn Grou syn heit en mem ferlern, mar moast yn 1851 koart nei elkoar twa dochters misse; benammen it ferties fan 'e jongste hat him tige oangrypt.

Koar út Krúsjassen

1. bleau - wen jy sa bjus - ter lang? Mar gau oan't jas - sen nou!
 2. ik dy da - lik mei de boer, Den krij - e hja hast neat.
 3. dog - ge wy twa streek - jes, hear, Der sjit for jimm' neat oer.
 4. d'aes fált si - ker by de nel, Ik slach de vo - le nou.
 5. stil myn bûr - ljue wir - de noartsk: Ik hâld mei nar - jen op.

KOAR.

mf Snjeon to jouns, Snjeon to jouns, gean' by ús de kaer - ten roun.

1o. Snjeon to jouns, Snjeon to jouns, gean' se by ús roun!
 2o. gean' se by ús roun!

Eeltsje Halbertsma

Folkswize
setting: Jan Slofstra

1

Te Boal-sert yn 'e mer - ke seach ik in fam - ke gean. Ik

6

toch - te: bern, wat bis - to tûk, sa jong en prûs, sa nu - ver smûk, ja

10

nu - ver smûk, ja nu - ver smûk, sa tsjep yn snein - ske klean!

2. Ik kaam har wer temjitte
en seach har bjuster oan.
Ik seach har oan, ik seach har nei;
Mar seach hja my, dan rûn ik wei,
ja, rûn ik wei, (twaris)
en like hast bestoarn.

3. Soms teach hja nei de kreammen,
en koft wat nije klean;
Mar wat hja koft, en wat hja die,
of wat hja te benoaskjen hie,
benoaskjen hie, (twaris)
hja moast my altyd sjen.

4. Dan gluerke se oer it skouder,
krekt as 't in skierkert wie;
en wêr't hja glûpte, of wat hja seach,
ik wie har nea net út it each,
net út it each, (twaris)
al wie 'k ek noch sa fier.

5. De jûn begûn te kommen
en 't foltsen gong te bier;
De famkes kui'ren hân yn hân,
en wat der wie yn 't Fryske lân,
yn 't Fryske lân, (twaris)
moast no ris oan 'e swier.

6. Myn makkers teagen hinne
en namen elts in faam,
de pipen stieken se op 'e hoed,
en seinen: "Man, wat bist in bloed,
wat bist in bloed, (twaris)
ik wist wol, wa't ik naam."

7. Myn bloed begûn te koaitsjen,
ik wist te wrâld gjin rie;
Ik wie dochs jit mar santsjin jier
en no al mei in faam te bier,
in faam te bier, (twaris)
dêr 'k nea net dûnse hie!

8. No stie ik by in kreamme
fol koeke en swietekau;
Ik koft wat dûmkes foar de bern
en tocht dan dêrmei wei te tsjen,
wer wei te tsjen, (twaris)
mar nee, dat wie dêr: ho!

9. In hiele rig'le fammen
dy kamen op my ta
en tomm'len my dêr op it liif,
en seinen: "Man! dêr is dyn wiif,
dêr is dyn wiif, (twaris)
want Wobbel woesto ha".

10. En Wobbel liet har sinke,
en patte as in wyld;
As pypkeniel oer rizenbrij,
ja, noch wol swieter smakke 't my,
ja, smakke 't my, (twaris)
fan sok in aardich byld.

11. En dêrmei, ûnder 't dûnsjen
en patsjen sûnder ein,
sei Wobbel: "Wêrom stunest sa?
Do woest my ommers lang al ha,
ja lang al ha, (twaris)
ei! hiest it my mar sein".

12. "Dêr", sei ik, "dêr, myn Wobbel!
Dêr hast myn rjochterhân.
Bliuw altyd rjocht en sljocht as no,
hâld jimmer dy oan Fryske trou,
oan Fryske trou, (twaris)
dêr is gjin fêster bân!"

bjuster = skerp en bewûnderjend
skierkert = nld. bonte kraai
te bier gean = nei de herberch gean



H.C. Work
bew. H. de Jong

H.C. Work
setting: Jan Slofstra

1

Us Pa - ke syn klok wie in tref - ti - ge klok, mei in oer - wurk sa flink en sa

5

dreech; En hja rûn sa se - kuer, want al njog - gen - tich jier hear - de

8

elk har tik - tak dêr om - heech. En hja wie - ne li - ke âld: Pas kaam

11

Pa - ke op 'e wrâld of de klok kaam de doar yn mei - ien. Mar hja stûk' en

15

tik-ke de lê-s - te kear doe't de âld man stoar. De tiid joech hja nacht en dei,

19

tik - tak, tik - tak, en meat sa syn lib-bens-wei, tik - tak, tik - tak. Hja

22

stûk' en tik-ke de lê-s - te kear doe't de âld man stoar.

2. As bern hie ús Pake sa faak oan de klok ferteld wat him lei op it hert.
En har slingerslach folgjend al hinne en al wer, ferhelle al syn wille en syn smert.
En doe't Pake as jongman mei syn breid by de hân foar har stie, rôp de klok him goedei!
Mar hja stûke en tikke de lêste kear (ensfh.)

3. Gjiniën wie sa krigel as Pake syn klok, hja wist fan gjin stilstean, gjin rêst;
En as hja wyks ienkear mar ophelle waard, dan rûn hja sân dagen wer bêst;
Nea net liddich en slûch, net oerdwealsk of ûnfoech, wie it jimmer in klok sûnder kwea.
Mar hja stûke en tikke de lêste kear (ensfh.)

4. It wie op in nacht, in deastille nacht, doe waarden wy bjuster ferheard;
Want de wekker, yn jierren en jierren net brûkt, rûn ôf mei in heislike feart.
En hja tiktakke aloan mar it lûd wie bedoarn, en it rûn ús sa kâld oer de lea.
Mar hja stûke en tikke de lêste kear (ensfh.)

treftich = degelik
de wekker: yn sa'n klok is in wekker ynboud

Jan Geline van Blom

Folkswize
setting: Gerrit Stulp

1

Ynsk-je, op 'e baan! Wolst it net dwaan? Lea - ve! dû wilst net, wat

7

wil - le it sil jaan. Al - den by 't fjoer en it jong-folk op re - dens.

13

Kom mar, myn bout-ke! Toan no dochts gjin wre - - dens. Ynsk-je, op 'e

19

baan. Wolst it net dwaan? 't is sil de wil - le fan mai-tiid ús jaan.

Oark, bist net wiis? Ik op it iis?
Och, ik win noait net op redens in priis.
'k Soe it wol dwaan, wie 'k op 't iis mar wat gauwer.
Feintsje, toe, leau my: ik bin mar in klauwer.
Oark, bist net wiis? Ik op it iis?
Ynskje wint noait net op redens in priis.

Ynskje op 'e baan! Wolst it net dwaan?
Famke, wat let dy om tawurd te jaan?
Hingje mar op my, en lit dy mar sliere!
Falstû, dan kinst yn myn earmen wol gliere.
Ynskje, op 'e baan! Silst it no dwaan?
Ja, ja! Ik wist wol datst keap soeste jaan!

Oark wie wol wiis, want op it iis
mijde er de banen, beriden en griis.
Fier fan it folk, op it leech sa allinne,
dreauke dit pearke sa noflik der hinne.
Oark wie wol wiis, want op it iis
wûn er it hert fan in famke ta priis.

De Skotse Trije

(Kar út motiven mei Fryske teksten)

setting: Bernard Smilde

**

1 1

Hup! sû - pen groat - ten-brij en ik sil dy wol krij - e! Hup! sû - pen groat - ten brij en

4 2

krij - e sil ik dij! Hjoed mei - e wy de fleur wol lij - e,

7

hjoed wol - le wy ris wil - le ha! Pi - be en Sib - bel,

10

Djû - ke en Sij - e, Ul - tsje en Jap - ke en mear dêr ta.

13 3

Jel - tsje, Jel - tsje, Jel - tsje, wêr - om ti - de - stû jit sa? Wy wol - le dy sa graach yn ús fer -

16

mid - den ha. Jel - tsje, Jel - tsje, Jel - tsje, wêr - om ti - de - stû jit sa? Wy

19 4

wol - le dy sa graach yn ús fer - mid - den ha. Ik woe wol graach, mar

22

't sil net kin - ne, want ik kin op myn skoech net stean. As

25

jim - me mei - in - oar my wat hel - pe kin - ne, sil ik mei jim te

28

5

dûn - sjen gean. De pik - trie is al hel - le, de

31

els is fûn; No haw - we wy ús Jel - tsje, ús

35

D

6 It skuonmakkerke

Jel - tsje wûn. Sa snij ik it bop - pe - lear,

39

sa slaan ik de soal - len klear; sa doch ik de

42

riem om 'e least, dan ha'k de skoech al hast klear yn 'e geast.

Sa stek ik myn els yn it lear, sjoch!
 Sa helje ik de piktrie der troch!
 Sa slaan ik de soal der op fêst!
 Sa docht de skuonmakker tige syn bêst!

Sa slaan ik it pluggepaad,
 sa slaan 'k gatsjes yn 'e naad.
 Sa mep ik de pluggen der yn,
 dêr't ik de soal mei oan 't boppest ferbyn!

Sa slikje ik de soalkant glêd,
 sa meitsje ik it oerlear fet!
 Sa jou ik de glâns oan it lear,
 no is de skoech dan alhielendal klear!

2. De Fryske Tael.

16

WALING DYKSTRA.

Nei in Folkswize.

Andante.

mf

p

1. Jim-mer moat ik smeulend hear-re: Frys-lâns
2. O, ik sjuch it, by de Frie-zen Nimt de
3. Al hwet ien - - - kear wê-zen kri-ge Moat ek
4. Moat ús âl - - - de spra-ke stear-re, Frij-e
5. Is den nei for-rin fen ieu-wen Ek ús

p

1. Jim-mer moat ik smeulend hear-re:
2. O, ik sjuch it, by de Frie-zen
3. Al hwet ien-kear wê-zen kri-ge
4. Moat ús âl-de spra-ke stear-re,
5. Is den nei for-rin fen ieu-wen

rall.

p a tempo.



1. spra - - ke moat for - gean En oan for - fal fen krêf - ten stear - re; Hja is to'n
 2. sucht for 't frjem - de ta; Dat docht my hast de moed for - lie - zen; It bas - tre
 3. wer for - - sin - ke yn 't neat. Dy stie - len wet, ik fiel it ti - ge, Wirdt troch gjin
 4. Frie - - zen, help net mei Om hjar moed - wil - lich to bi - dear - ren: Smyt al t' oer -
 5. âl - - - de tael for - gien, Sa lang der ear - ne Frie - zen bliu - we, Hja scil - le



1. Frys - lâns spra - ke moat for - gean
 2. Nimt de sucht for 't frjem - de ta;
 3. Moat ek wer for - sin - ke yn 't neat.
 4. Frij - e Frie - zen, help net mei.
 5. Ek ús âl - de tael for - gien,



1. ein en kin net mear bi - - stean. Mar
 2. skaei wol 'trou - ne Frysk net ha. Mar
 3. krêft, gjin iiz' - ren wil - le keard. Mar
 4. dwealsk jimm' âl - ders erf net wei. Né,
 5. 't wit - te en priis - gje hwet wy dien'. Né,
- 1-5. ik scil stri - de, sa lang ik



f Frys-lâns tael

stri-de kin, For Frys-lâns tael En frij - e Frys - ke sin. Frys-lâns tael, Frys-lâns

f Frys - lâns tael

tael, Frys-lâns tael hâld ik yn ea - re! Frys-lâns tael, Frys-lâns

tael, Frys-lâns tael sa fol fen krêft en prael.

rit.

rit.

rit.

Eeltsje Halbertsma (1 en 4)
Jacobus van Loon (2 en 3)

("De âlde Friezen")

H. Chr. Schnoor
setting: Karst Dijkstra

1 *f*

Frysk bloed tsjoch op! Wol no ris brû-ze en sie - de, en bûn - zje

4

troch ús ie - ren om! Flean op! Wy sjon - ge it bê- te lân fan

7 *f* $\text{♩} = \text{♩}$

d' ier - de, it Frys-ke lân fol ea - re en rom. Klink dan en

11

da - ver - je fier yn it rûn dyn âl - de ea - re, o

16

Frys - ke grûn! Klink dan en da - ver - je fier yn it

21

rûn dyn âl - de ea - re, o Frys - ke grûn!

2. Hoe ek fan oermacht, need en see betruksen,
oerâlde, leave Fryske grûn,
nea waard dy fêste, taaie bân ferbrutsen,
dy't Friezen oan har lân ferbûn.
Klink dan en daverje fier yn it rûn
dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn
dyn âlde eare, o Fryske grûn!

3. Fan bûgjen frjemd, bleau by 't âld folk yn eare
syn namme en taal, syn frije sin;
Syn wurd wie wet; rjocht, sljocht en trou syn leare,
en twang, fan wa ek, stie it tsjin.
Klink dan en daverje fier yn it rûn
dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn
dyn âlde eare, o Fryske grûn!

4. Trochloftich folk fan dizze âlde namme,
wês jimmer op dy âlders grut!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme
in grien, in krêftich bloeiend leat!
Klink dan en daverje fier yn it rûn
dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn
dyn âlde eare, o Fryske grûn!

tsjoch op = bliuw net stilsteane. In foarm fan optsjen
betruksen: fan betrekke = te pakken nimme / yn gefaar bringe
sljocht = ienfâldich
trochloftich: nld. doorluchtig

Eeltsje Halbertsma (1797-1858) makke in gedicht fan sân strofen "De âlde Friezen"; it is te finen yn de "Rimen en Teltsjes" fan 'e Bruorren Halbertsma. It waard mei muzyk opnommen yn 'e earste printinge fan "It Lieteboek" út 1876, yn lettere printingen neamd: Frysk Lieteboek. Ien fan 'e redakteuren fan dat boek, Jacobus van Loon (1821-1903), brocht de sân strofen werom ta fjouwer. Fers 1 en 4 by Van Loon binne op in pear wurden nei gelyk oan 1 en 7 fan Halbertsma. Halbertsma syn fersen 2 o/m 6 binne by Van Loon ta twa fersen werombrocht, dy't foar it grutste part út Van Loon syn pinne floeiden. Yn dizze foarm is it it Frysk Folksliet wurden.